## PARSEBERJOCHT – Programma-ynformaasje Fryslân DOK

1 desimber 2015

# Nynke-Rixt Jukema en Feel the Night

Fryslân DOK op snein 13 desimber

**'Feel the Night' wie ien fan de earste programma's fan Kulturele Haadstêd Ljouwert 2018. It krige grutte wurdearring fan de Europeeske beoardielingskommisje. Yn it programma ûndersiket de Fryske arsjitekte Nynke-Rixt Jukema de betsjutting fan it tsjuster en de nacht foar it lânskip, de minske en de bisten.**

Yn dizze Fryslân DOK wurdt Nynke-Rixt folge nei har bertehûs yn Swarte Hoanne, flak ûnder de Waaddyk yn Noard-Fryslân. Ien fan de tsjusterste plakken fan Nederlân. Eartiids fûn sy dêr it paad op rook en gehoar. Wilens har stúdzje arsjitektuer yn Delft ûntduts sy ta har fernuvering dat der allinnich mar omtinken wie foar ljocht yn gebouwen. Ljocht hie in artistike en ekonomyske wearde, tsjusterte net.

Nynke-Rixt wol de appresjaasje foar it tsjuster werombringe yn Fryslân. Se praat mei doarpen om 'Duisternisdorp' of 'Skimerdoarp' te wurden: minder lantearnpeallen en oar ljocht dat ek foar bygelyks flearmûzen en nachtflinters noflik is. In dokter wurdt frege nei de betsjutting fan tsjusterte foar de sliep en de hormoanhúshâlding. Fierder giet Nynke-Rixt nei yndustriële plakken mei in soad ljocht yn de nacht, lykas in distribúsjesintrum fan PostNL en in stasjon op it plattelân dêr't de hiele nacht in protte ljocht baarnt, wylst der gjin trein mear komt.

<u>Fryslân DOK: Nynke Rixt Jukema en Feel the Night</u>
Snein 13 desimber om 17.00 oere en dêrnei fan 18.10 oere ôf alle oeren op Omrop Fryslân Televyzje. Ek te sjen op sneon 12 desimber om 15.35 oere en snein 13 desimber om 12.25 oere op NPO 2.

---

**Noat foar de redaksje:**
Foar mear ynformaasje kinne jo kontakt opnimme mei de ôfdieling Marketing & Kommunikaasje fan Omrop Fryslân: tel. 058 299 7876.

# PERSBERICHT – Programma-informatie Fryslân DOK
1 december 2015

# Nynke-Rixt Jukema en Feel the Night
Fryslân DOK op zondag 13 december

**‘Feel the Night’ was één van de eerste programma's van Culturele Hoofdstad Leeuwarden 2018. Het oogstte grote waardering van de Europese beoordelingscommissie. In het programma onderzoekt de Friese architecte Nynke-Rixt Jukema de betekenis van de duisternis en de nacht voor het landschap, de mens en de dieren.**

In deze Fryslân DOK wordt Nynke-Rixt gevolgd naar haar geboortehuis in Zwarte Haan, vlak onder de waddendijk in Noord-Fryslân. Eén van de donkerste plekken van Nederland. Vroeger vond ze daar haar weg op geur en gehoor. Tijdens haar studie architectuur in Delft ontdekte ze tot haar verbazing dat er alleen maar aandacht was voor licht in gebouwen. Licht had een artistieke en economische waarde, duisternis niet.

Nynke-Rixt wil de appreciatie voor het donker terugbrengen in Fryslân. Ze praat met dorpen om ‘Duisternisdorp’ of ‘Skimerdoarp’ te worden: minder lantaarnpalen en ander licht dat ook voor bijvoorbeeld vleermuizen en nachtvlinders prettig is. Een arts wordt gevraagd naar de betekenis van duisternis voor de slaap en de hormoonhuishouding. Verder gaat Nynke-Rixt naar industriële plekken met veel licht in de nacht, zoals een distributiecentrum van PostNL en een station op het platteland waar de hele nacht veel licht brandt, terwijl er geen trein meer komt.

Fryslân DOK: Nynke Rixt Jukema en Feel the Night
Zondag 13 december om 17.00 uur en daarna vanaf 18.10 uur ieder uur op Omrop Fryslân Televisie. Ook te zien op zaterdag 12 december om 15.35 uur en zondag 13 december om 12.25 uur op NPO 2.

---

**Noot voor de redactie:**
Voor meer informatie kunt u contact opnemen met de afdeling Marketing & Communicatie van Omrop Fryslân: tel. 058 299 7876.